

Fedde Schurerlêzing, Tresoar, 14 novimber 2015

De takomst fan 'e tsjerke yn Fryslân. Tiid foar in Fryske tsjerke?

Bêste en leave minsken,

Dat wie eefkes hiel wat dat der oer my hinne kaam nei de oankundiging fan dizze lêzing fan 'e wike op 'e foarside fan 'e Ljouwerter.¹ Domeny Tsjerketicht. Hjir stiet er. Mei eksklusiv oan alle minsken dy't troch dat stikje rekke wurden binne, want dat is myn bedoeling net. Oan 'e oare kant, mei alle respekt, mar as jo werklik slim rekke binne troch dat fraachpetear of de kop dy't derboppe stie, lêze jo dan de goeie krante wol? Al is dat fansels flokken yn Fedde syn tsjerke.

Mar Fryske domenys en ek Fryske tsjerkebestjoerders hawwe wol faker dingen losmakke. Yn 1905 spriek domeny Bähler fan Easterwâlde dat it heech tiid waard dat it kristendom in pear dingen leare soe fan it bûddhisme. It waard de direkte oanlieding ta de oprjochting fan de Gereformeerde Bond binnen de Herfoarme tsjerke. Dy Bond is der noch mei in efterban fan in pear hûndert tûzen leden yn it hiele lân. Yn 1875 besleaten de tsjerkfâden fan Tsjummearum om de âlde tsjerke ôf te brekken, want it dak lekte. It wie in jewel fan in Romaanske tsjerke, mei skitterjend houtsnijwurk yn 'e banken, en sokke hechte muorren, dat it langer duorre om de tsjerke ôf te brekken as om de nije te bouwen. Yn it hiele lân klonken protesten. It Ministearje fan Ynlânske Saken rjochte der spesjaal in ôfdieling Keunst en Wittenskip foar op, de foarrinder fan de Rykstsjustin foar de Monumintesoarch, en dy bea oan om de helte fan 'e restauraasjekosten te beteljen. It joech allegear neat, de tsjerke moast plat. Sjoch, sa wol ik de skiednis net yn gean.

In goed jier lyn waard ik troch it bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging fia de Stifting Krúspunt frege oft ik ek ree wie om dizze Fedde Schurerlêzing te hâlden. Dat moast dan gean oer it plak fan it Frysk yn 'e tsjerken - in ûnderwerp dat fansels hielendal by de Ried fan de Fryske Beweging past, en net te ferjitten ek by de persoan fan Fedde Schurer, dy't mear as ien kear it folsleine psalmboek ferfryske hat. No, dêroer hie ik fansels wol ideeën - fan myn earste preek ôf haw ik hast altiten it Frysk brûkt as ik dat koe yn tsjerketsjinsten, sels doe't ik noch midden yn 'e oplieding yn Grins siet. Foar besprekken en offisjele tintamens sette ik sa'n preek dan letter oer yn it Hollânsk. Dat sei ik der dan net altyd by, omdat ik op ien of oare manier it gefoel hie dat ik dêr wolris gemiter mei krije koe mei guon fan 'e hearen professoaren - foaral dy iene, dy't ek noch yn Fryslân wenne, koe foar soks net folle begryp opbringe.

Dat idee fan dizze lêzing oer it plak fan it Frysk yn tsjerke hiene wy fia de Stifting Krúspunt al hjir en dêr nei bûten ta brocht, doe kamen foarsitter en skriuwer fan 'e Ried apart in kear by my. It moast eins net oer it Frysk yn tsjerke gean, it moast breder wurde oer de takomst fan 'e hiele tsjerke. Oftewol: net it plak fan it Frysk yn tsjerke, mar it plak fan 'e tsjerke yn Fryslân. Ik bin dêr doe yn meigien, al fernuvere my de fraach wol in bytsje fan dit fermidden. Mar soms moetsje jo profeten dêr't jo se net ferwachtsje, want it duorre noch mar eefkes, doe kaam de Protestantse Tsjerke lanlik mei in nota dy't dúdlik makke, dat de fraach nei it plak en de takomst fan 'e tsjerke mear as aktueel is.² Der wurde fragen steld by ynstitúsjes dy't eins fan 'e Reformaasje ôf ta it wêzen hearden fan 'e struktuer fan 'e iepenbiere tsjerke, hielendal hjir yn Fryslân. En dy nota, sa koene wy fan 'e wike lêzen, is unanym troch de synoade oernommen, dat wy kinne ús mar klearmeitsje.

En midden yn al dy ûnwissigens en beweging klinkt dan ynienen it lûd fan in domeny dy't seit fan: Dy tsjerketsjinsten, moatte wy dêr wol mei trochgean?

Dat ja, ik haw hiel wat oer my hinne krige. Foar in part ek terjochte, want ik kin my wol yntinke wat soks betsjut, as men jins libben lang op sneintemoarn foar de rest fan 'e wike krêft en ynspiraasje socht hat, en soms ek fûn. Dat soe itselde wêze as dat ien tsjin my sei: Dat Frysk, sille wy dêr mar net mei ophâlde? Dan is myn earste réaksje ek ien fan 'au!', want dan komme se oan in stikje fan jinsels, in tear en in gefoelich stikje. En earlik sein: tsien jier lyn réagearre ik ek noch op

1 Ljouwerter Krante, tongersdei 12 novimber 2015, side 1: Dominee: Schrap kerkdienst.

2 Nota 'Kerk 2025', te rieplachtsjen op 'e webside fan 'e PKN.

'e selde manier as minsken út it doarp by my kamen en seine fan: Domeny, wat jo dêr sneintemoarns foar dy pear minsken yn dat tsjerkegebou dogge, wat tinke jo dêrmei te berikken? Of as se fan bûtenôf oan jin freegje: Do domeny? Dy tsjerke rint ommers leech! En ik haw eins altyd tsjin plannen west om tsjinsten fan ferskillende gemeenten meiinoar te kombinearjen om sa mear minsken te krijen of kosten te besparjen. Want ik wit mar al te goed dat yn sokke sitewaasjes it rekkenomke jildt: $1 + 1 = 1,1$. En foar de goeie oarder: moarnier stean ik wer gewoan yn tsjerke, earst yn Hichtum, dêr't wy in gewoane tsjinst hâlde foar de minsken dy't der binne, en dan yn Lollum, dêr't ik in diaken yn it amt befestigje mei. Beide kearen stean ik dêr mei freugde, en haw ik net it gefoel dat ik mei in efterhoedegefjocht oan 'e gong bin.

Mar der binne ek oare réaksjes, en dy wol ik ek mei jim diele. Gefoelens fan weromkennen, fan ja yndied, it is ek sa, wy hâlde dit net, hjir is wat oan it ferdwinen dat net wer weromkomt. En ien doarpsgenoat wied er, in âld-gemeentelid dy't him in kear bewust útskriuwe litten hat, dy skille my op en dy sei: Domeny, ik moast mei jo belje. Ik moast mei jo belje, want it is in hiel ferhaal. It binne trije dingen. Alderearst: myn frou hie in hiele nuvere dream, en dy fertelde se my. Pikefelmomint: wat dy frou dreamd hie wie presys yn bylden wat der dy moarns yn 'e krante stie. Twa: in pear wike lyn hiene dizze minsken in skilderij yn 'e hûs krige, in presint fan 'e skilderes, dy't sei: Ik jou noait samar in doek wei, mar ik moat dit oan jimme jaan, ik wit net wêrom. Pikefelmomint. En dan trije: wêrom witte wy net, mar alle kearen dat wy dat skilderij no sjogge, tinke wy: dat moat domeny Westra sjen, no, fuortendaliks. Dus kom asjeblúft. En ik derhinne, en dat ferhaal hearre, en dat skilderij sjen, en dan komt it tredde pikefelmomint. Want ik haw dat skilderij earder sjoen. Yn in tsjerketsjinst oer krêativiteit, nei oanlieding fan in útstalling fan 'e pleatslike skilderklub. Under it preekjen hie ik in punt dat ik mei dat skilderij yllustrearje woe, en ik soe it fan 'e ezel krije om it de minsken sjen te litten. Mar it siet fêst, ik koe it net yn hannen krije. En no kaam it op my ta, nei oanlieding fan 'e oankundiging fan dizze lêzing. Dat ik haw frege oft ik it foar hjoed meinimme mocht, om it ek oan jim sjen te litten. Dit is it. Trije klaproazen, de efterste heal ticht of heal iepen, ien wat tuskenyn, en ien foaroan en fol iepen, mei dêrefter in strieljend ljocht, dêr't jo de boarne net fan sjen kinne.

Safolle makket it dus los as jo de fraach stelle nei de takomst fan 'e tsjerke, en dêrby alle fêstichheden doare oan te kaartsjen. En sa gefoelich is blykber op dit stuit ek de tiid, dat de struktueren fan iuwen ynienen it ljocht nei har ta lûke en har fanselssprekken ferlieze. Dus myn ûnderwerp foar fanmiddei is ek: wat is der op dit stuit presys te rêden, wat komt der op ús ta en wat is foar ús de bêste manier om dêrop klear te wêzen? En dêrby wol ik my yndied beheine ta de sitewaasje hjirre yn Fryslân, en ik hoopje dat yn 'e rin fan dit ferhaal ek dúdlik wurdt wêrom.

Is dy tsjerke hjir yn Fryslân dan sa bysûnder? Ja, neffens my al. Al is it allinnich mar hjirom, dat in goede 100 jier lyn hjir yn Fryslân wer in tal foaroansteande predikanten en tsjerkeminsken it nedige losmakken. Dêrby wie in haadrol weilein foar Geart Wumkes, ien fan 'e foargongers fan Bert Looper hjirre, en meskien wol de grûnlizzer fan Tresoar sa't it no yn 'e Fryske mienskip funksjenearret. Ik hoech hjir nei alle gedachten net wiidweidich te fertellen, dat Wumkes yn 1915, doe't er noch net alhiel troch syn jonge en wylde hierren hinne wie, yn myn bertedoarp Tsjom foar it earst de gemeente oerfoel mei in Frysktalige preek en liturgy. Hy en syn meistanners fan it doe noch net sa lang oprjochte Kristlik Frysk Selskip lieten in nij lûd hearre: foar minsken dy't yn it Fryske tinke en dreame, leavje en hoopje, is it teologysk en pastoraal net ferantwurde om de ferkundiging fan it Wurd fan God yn it Hollânsk te dwaan. Dat joech doe - alwer - yn it hiele lân fûleindige réaksjes, dêr't de berjochten dy't ik dizze wike krige haw mar bleek by ôfstekke.

It giet my der fanmiddei net om, om it pleit fan Wumkes en Huismans en oaren op 'en nij ôf te stekken. Mar ik sjoch oerienkomsten tusken it soarte fan sitewaasje, doe en no. In roerige en gefoelige tiid, en in pear minsken dy't radikale, om net te sizzen revolúsjenêre ideeën begjinne út te dragen en ek noch te praktisearjen. Want sa hawwe, dat leau ik fêst, de minsken fan 1915 it inisjatyf fan Wumkes field. In revolúsje, letterlik, op it steatsgefaarlike ôf. Want de tsjerke wie in nasjonaal ynstitút, en de taal fan de ferkundiging wie de taal fan it Ryk - net fan it Keninkryk fan God, mar

fan it Keninkryk der Nederlannen, en dêr moasten jo ôfbliuwe. Ferjit net: 1915 wie de tiid fan de Earste Wrâldkriich. De Dútsers makken raar wurk yn België, de loopgrave-oarloch wie begûn, en rûnom drige revolúsje. No sizze wy: de ein fan 'e nasjonale steaten kundige him al oan, al seach dat doe noch net ien. Yn sa'n tiid seaget Wumkes ien fan 'e poaten ûnder de nasjonale ienheid wei. Wumkes, hoe kinne jo soks dwaan, sei ien ynstjoerdstikkeskriuwer - en dat ek noch yn oarlochstiid.

En lit it dúdlik wêze: Wumkes syn revolúsje is net slagge. Wumkes sels joech in sinjaal ôf, mar soms haw ik it gefoel dat er dochs weromskrille is troch de réaksjes. Hy liet nammentlik yn 'e moannen en jierren dêrnei it inisjatyf folslein yn hannen fan 'e tsjerken. Dêr't dy om in Fryske preek fregen, gie hy hinne. Mar hy hat de minsken net wer oerfallen: de tsjerke moast it sels dwaan. En de tsjerke die it net. De Fryske preek waard tastien, goedfûn, by wize fan útsûndering, en sa is it yn wêzen noch, mei ien ferskil: de tsjerke is lang net mear it offisjele, nasjonale ynstitút dat it no is, en dêrtroch ûntstiet no ynienen folle mear romte om de taal te brûken dy't jo it bêste leit. De âlderling of diaken dy't de minsken wolkom hjit docht dat sûnder euveldoed mei de wurden dy't it bêste by him of by har passe - want de tsjerke liket hieltyd mear in ynformele klub om sin te jaan oan it libben, en fansels moat elk dêr de taal by prate dy't him of har it bêste past, want yn sa'n maatskippij libje wy tsjintwurdich. Allinnich de domenys, bin ik sa frij om te sizzen, binne allegear sa fier noch net.

Mar noch in kear: de revolúsje is net slagge. Lykwols hat Wumkes in bysûnder gefoelich punt oanrekke. En neffens my komt it dêr mei fan, dat der oan 'e kant fan 'e offisjele tsjerke en de teologyske wittenskip praktysk gjin omtinken jûn is oan de serieuze fragen dy't hy steld hat. Want ek as it oars moatte soe as dat Wumkes-en-dy woene, dan bliuwt de fraach: wat hawwe taal en leauwe no presys al en net meiinoar út te stean? Hoe is dy ferhâlding eins? Dy fragen wurde wol steld en bestudearre as it giet om de taal fan it Alde en fan it Nije Testamint. Dy fragen krije wol omtinken as der minsken mei de Bibel nei gebieten ta geane dêr't dat in nij boek is en in nije oarjentaasje freget. Alle sindingsminskens leare, dat it leauwe yn 'e iene taal en de iene kultuere hiele oare dingen ynhâldt as yn 'e oare, en dat in tsjerke dy't dêr gjin rekken mei hâldt ek gjin takomst hat dêre. Mar hjir dogge wy noch altyd krekt as giet soks ús net oan. En dan bedoel ik hiel Nederlân, en net allinnich dizze provinsje. Mar it binne wol wer de Friezen dy't dizze fraach foar it earst by de lanlike tsjerke op it buordsje lein hawwe.

Dus op 'en nij: wy sitte yn in sitewaasje dat de takomst fan 'e tsjerke - en ik mei dêr wol by sizze, fan 'e hiele wrâld sa't wy dy kenne - slim ûnwis is. As wy no in kategismus skriuwe moasten, soene de fragen mear romte nimme as de antwurden. En it is fansels net sa, dat wy meiinoar hielendal gjin idee hawwe wêr't wy hinne moatte. Der binne hjir en yn 'e hiele tsjerke genôch skerpe geasten dy't sjogge wêr't it om giet, wat wy net kwyt moatte, wat fan libbensbelang is, net allinnich foar ús kultuer, mar foar ús hert en foar ús siel. Allinnich: fan Wumkes-en-dy moatte wy leare, dat net elk goed antwurd heard wurdt, en dat net elk goed idee ús fierder bringt. De wichtichste fraach fan dit stuit is meskien net dy fan wêr't wy hinne moatte of hoe't wy dêr komme, mar wêr't wy rekken mei hâlde moatte as wy fierder wolle, wat meigiet, oft wy dat no wolle of net, en dêr't wy it mar mei te dwaan hawwe.

Wat meigiet oft wy it no wolle of net, dat is de skiednis. Dat is fansels altiten goed om hjir te sizzen, yn it hûs dêr't it âldste boek fan Fryslân bewarre wurdt, en op dit stuit it âldste damboerd fan Nederlân útfanhûs is, en by guon haw ik ek de namme dat ik in leafhawwer bin fan skiednis. Mar skiednis op himsels is meskien nijsgjirrich, mar folle foarnamer is, dat skiednis wichtich is foar no. Omdat wy de struktueren en de ferbannen, de wizen fan dwaan en de wurden dêr't wy it yn 'e wrâld mei rêde moatte, en soms ek de emoasjes en de gefoelichheden op ús reis net allegear fan ússels hawwe, mar foar in wichtich part ek fan ginneraasjes en soms sels ieuwen foar ús. Skiednis is réaliteit.

En de réaliteit is dus, dat Fryslân binnen Nederlân en Jeropa in hiel eigen plak ynnimt, omdat it in unike skiednis hat dy't it sels belibbet as ús ferhaal fan dizze mienskip. Dêrom sille oplossings en feroarings dy't yn De Haach of Utert betocht wurde, nea ien op ien wurkje foar de dingen dêr't wy foar komme te stean - want de antwurden dy't dêr betocht wurde geane net oer ús

fragen, slute op ús ferhaal net oan en wurde der dus ek net yn opnommen. Sa't Wumkes syn oplossing op ien of oare manier, hoe Frysk oft er ek wie, net oansleat op it ferhaal fan 'e Fryske mienskip. Dus wat is dat ferhaal? Wat binne de dingen dêr't wy rekken mei hâlde moatte, sille wy hjir op in sinfolle manier foar elkoar en foar de minsken om ús hinne in tsjerke hâlde?

De lêste tiid is der benammen foar it alderearste begjin fan dat ferhaal in protte omtinken, en dan haw ik it oer ynternasjonaal en wittenskiplik. Ik haw it oer it besef, dat de hiele stripe weak en glysterich lân oan 'e súdeastkant fan 'e skiere Noardsee yn 'e ieuwen nei it Romeinske Ryk de basis foarme hat fan in nije beskaving. Dan haw ik it dus net allinnich oer dizze provinsje, mar oer dy hiele kust fan België ôf oan Denemarken ta: in gebiet dêr't neffens de boarnen fan dy tiid dus Friezen wennen. No wol ik hjir net de sjauvinist úthingje, want dat ferwyt krij ik al te hearren as ik sis dat it Fryske damjen mooglik âlder is as it Hollânske spul. Mar as yn 'e sande en de achtste ieu oan alle kanten - west, noard, east en súd -, dus troch oaren, dizze see oantsjut wurdt as de Fryske see, dan hat der wol wat te rêden west.

Neffens de histoarikus Michael Pye hawwe de kustbewenners fan 'e Nederlannen, lit my ús foarfaars polityk korrekt sa mar eefkes oantsjutte, nei it ynstoarten fan it Romeinske Ryk in tal wearden yn hiel Noardwest-Europa yntrodusearre, en dat hawwe se dien, omdat se mei har skippen oeral kamen. Yn syn bekende boek *The Edge of the World* ferbynt er net allinnich it ûntstean fan 'e ynternasjonale hannel, mar ek fan it hjoeddeistige jildsysteem, de demokrasy, en de ynformaasjemaatskippij oan dy âlde boatsjefarders. Dat is nochal in erfenis, en as it allegear kloppet, op punten ek wol in dubieuzenien. Wy moatte fansels noait in kear begjinne te mienen dat 'wy' of 'ús mienskip' wat betters wêze soe as de minsken om ús hinne en hoe't dy it dogge.

Mar ik leau al, dat der fan âlde tiden ôf hjir wat trochlibbet dat yn alle gefallen dizze maatskippij foarmet oan hjoeddedei ta. En dat begjint mei de lizzing en it lânskip. De lizzing fuort by de see, en de terpen om droege fuotten te hâlden. Dat betsjutte in hiele eigen libbenswize. Wy fiele dat no net mear sa, mar dizze grûn is letterlik hast de bêste fan 'e ierde. Oeral op dat gigantyske kontinint fan Europa libje fansels minsken. Mar oeral binne it heuvels en bergen, en oeral sit de grûn fol mei stiennen. Ik haw yn Tadzjikistan meihelpe moatte in greppeltsje te dollen foar ôffier. It is gjin dwaan. Mar al dy stiennen betsjutte, dat de grûn mar foar in part fruchtber is. Jo moatte altyd de lytse goeie hoekjes opsykje, en wêr't in stien sit, waakst neat. Allinnich by de revieren lâns is it in bytsje te dwaan, mar dat binne soms ek noch mar smelle strypkes. Dit is ien fan de hiel pear plakken dêr't de grûn oeral 100% is - en dan ek noch alle jierren geregeld bedonge troch de natoer sels yn 'e foarm fan in farsk laachje klaai. De grûn koe hjir net leech.

Dêr siet fansels in skaadkant oan, en dat is dat de see soms ek mear brocht as dat winsklik wie, en ek in oerkrêft is dy't it wurk fan jierren yn in omsjoch ferrinnewearret. Dat makket de mooglikheden fan wat jo as minske dogge en kinne wer hiel betreklik. As it goed giet, kin alles. Mar alles kin yn ien nacht ek wer fuort wêze.

Dy kombinaasje hat twa direkte gefolgen foar de ferhâldings yn it gehiel fan 'e maatskippij. Ik sei niis al, Friezen binne neat better as oare minsken. Hjir binne presys likefolle loaielinelûkers, spulmakers, hoantsjes en meirinders en net te ferjitten lytse ymperialisten as oeral. Allinnich, op dizze grûn koene jo noait in ympearium bouwe. Jo kinne wol roppe fan, al dizze doarpen bin ik de baas oer, en in pear meirinders sykje dy't dogge wat jo wolle en doare te slaan as jo it sizze, mar as de see komt dan hawwe jo oars neat te gebieden as dy pear kante meter om jo fuotten dêr't it droech is. As it moat, kin elk allinnich oer syn eigen beskikke en moat elk him op syn eigen rêde. En jo kinne allinnich wat opbouwe, as jo dat meiinoar dogge en meiinoar wolle, want it is ûnmooglik om út ien plak wei kontinu gesach op te bouwen oer de hiele mienskip. Dat is ien.

En twa is, dy minsken dy't harsels bytiden yn hiele lytse groepkes op hiele lytse stikjes grûn rêde moatte, dy rêde it ek altyd, omdat de boaiem sa fruchtber is. Jo kinne in minske hjir net ta slaaf meitsje, want hy of sy rint fuort, en rêdt him altyd wol wer. Ik wit net oft jim ek wat opfallen is. Ik bin no al in moai skoft op 'e tekst oer in tiid fan 2000 of 1500 oer lyn. Mar ûngemurken bin ik oergongen fan 'e doetiid yn 'e notiid. Dat is net tafallich. Dat is omdat dy ferhâldings ús omgean mei elkoar noch altiten beskiede. Elk doarp kin as it derop oankomt in eilân wêze. Elk doarp, of soms sels elke útbuorren, elke terp, hat syn eigen ferhaal en syn eigen kultuer, syn eigen smaak, syn

eigen gefoel. En elk doarp wol him, as it derop oankomt, sels ek rêde kinne. En jo moatte foaral net miene, dat jo it oer al dy doarpen en doarpkes mei ien man wolris eefkes te sizzen hawwe sille. Sa wurket it hjir net. En besykje jo dat al, dan merke jo dat ek fuortendaliks. Omdat elk doarp, elke mienskip yn it lyts, wend is, leard hat, om it op syn eigen manier te dwaan. En jo rêde it allinnich meiinoar, as elk út frije wil meidocht. Dus dat de demokrasy hjir sterke woartels hat, dat kloppet wol. Omdat elk yn sa'n lânskip net allinnich de plicht en de wil hat, mar ek de mooglikheden om him of har sels te rêden.

Dêr komt noch wat by. Dy kustbewenners fan dy hiele stripe, dy giene oeral hinne en oeral diene se hannel. Net it lân op, mar de see oer. En wêr't se ek mar kamen, wie it frjemd. It ferskil tusken de âlde Romeinen en de kustbewenners - lit my se foar it gemak dochs mar gewoan Friezen neame -, dat wie dat de Romeinen hearskje woene. De stêd Rome moast der better fan wurde, en dêrom woene se yn Europa baas wurde. Dêr't dat net slagge, wiene se gau wer fuort. Se sochten mear, net nijs. De Friezen kamen ek oeral, mar se hawwe nearne besocht, sa goed as wy dat witte, in grut ryk te stiftsjen. Nee, se kamen oan 'e oare kant, se seagen wat dêr wie, se hiene har eigen dingen mei, en se besochten mei ruiljen en letter mei jildhannel op dat stuit dêr har foardiel mei te dwaan. Se kamen frij, en se lieten de lju ek frij. Mar se kamen ek mei in frije geast, mei frije mooglikheden: wat kinne wy hjir útwikselje, wat kinne wy oppikke - sûnder dat wy hjir baas hoege te wêzen. Se sochten nijs, net mear. En dat is neffens my ek de reden dat Bonifasius it hjir oprûn hat. Net sa bot dat er hjir in nije soarte fan leauwe bringe woe - dêr hiene dy Friezen wol foar iepen stien. Mar hy woe ek nije regels bringe, sintraal bestjoer, en ien fêst gesach fan in hiel ein hjirwei, Rome. Dat paste hjir net.

De rykdom en de beheining, de frijheid om dingen te ûndernimmen en it frij bliuwen fan ien sintrum of ien systeem, hat neffens my mei oan 'e basis lein fan wat wolris te maklik as in tafallichheid fan 'e Europeeske skiednis prissentearre wurdt: it feit dat alle lannen fan 'e fêstewâl njonkenlytsen yn it féodaal systeem fan keningen en hearen opsûgd waarden, op Fryslân, Grinslân en Eastfryslân nei - en noch in pear úthoeken lykas Switserlân en it lân fan 'e Sámi. Dat fenomeen stiet bekend as de Fryske frijheid, en libbet noch altiten troch yn it feit dat wy yn in grut part fan dizze provinsje wegerje om de taal fan de minsken om ús hinne mei ham en gram oer te nimmen. De Friezen kenne al mear as 500 of 600 jier genôch Hollânsk of Nederdútsk, yn hokker fariant ek, om har dêr skriftlik ek mûnling mei te rêden. Elke ginneraasje nei it jier 1498 hie derfoar kieze kinnen om taal fan 'e húshâlding en it maatskiplik ferkear om te goaien. Yn 'e stêden is dat bard. Op it Bilt krekt gelyk. Yn Grinslân om 1600 hinne ek, en de ieuwen dêrnei yn Eastfryslân krekt itselde. It is hjir op it plattelân net bard. Wêrom net? Omdat de minsken dy't hjir wenje al 2000 jier wend binne om dingen op har eigen manier te dwaan, ek as se mar mei in pear binne. Wy komme oeral, wy rêde ús rûnom, mar wy dogge it op ús eigen manier, en dat komt ta utering yn dy aparte taal.

Dat is dus hiel wat oars as minsken bûtenslute en ek hiel wat oars as jinsels opslute. Dit hat altyd in iepen lân west, sûnder fêste grinzen, en ferbûn mei alle plakken dêr't jo mei in skip komme kinne. Dat grutte ferbân hawwe Friezen dus ek nea opjaan wollen, en dêr leit neffens my ek de oarsaak fan it feit dat Wumkes en Huismans net fierder kamen. De minsken woene de bân mei de rest fan it lân en de rest fan 'e wrâld net kwyt. Allinnich mar Frysk prate hawwe de minsken hjir nea wollen. De stêden hjirre diene mei oan 'e Hânze. De steaten hjirre diene mei oan 'e Republyk. De tsjerke hjirre wie diel fan it iennichste nasjonale ynstitút. Betink goed: der wie net iens ien offisjeel Nederlânsk leger en ek net ien systeem fan rjocht, bestjoer of ûnderwiis. It iennichste dat oer de hiele Republyk ien wie, dat wie de kalvinistyske tsjerke. Logysk, dat de Friezen nei noch mar goed 100 jier ienheidssteat de bân mei de bredere naasje net kwyt woene.

En dan komme wy sa njonkenlytsen ek yn 'e tiid fan no. Want de tsjerke fan Wumkes wie as nasjonaal ynstitút al dwaande om út elkoar te fallen yn ferskillende tsjerkegenoatskippen dy't as ferienings organisearre wiene. Dat hiele ferieningslibben is de grutte erfenis fan 'e twadde helt fan 'e 19de ieu, en dy hat derfoar soarge dat wy sis mar tusken 1870 en 1960 wend binne oan folle tsjerken, dêr't de gemeente as groep fan minsken dy't deselde oertsjûging en itselde doel foar eagen hawwe, byinoar komt. Der wiene Herfoarme en Grifformearde, rjochtsinnige en frijsinnige, reade

en blauwe, liberale en konfesjonele ferienings, dus tsjerken. Yn wêzen hawwe Wumkes en Huismans neist al dy smaken noch ien derby dien: de Fryske. En sa hat de kristlik Fryske beweging ek in lytse ieu lang funksjenearre: as feriening mei syn eigen byienkomsten en soms syn eigen tsjinsten, mei itselde doel en deselde oertsjûging.

En no sitte wy yn in tiid, dat it hiele ferienigingslibben it dreech hat, en dat dêrom de tsjerke no ek yn swier waar sit. Mooglik spilet it opgean fan 'e nasjonale steaten yn it gruttere Jeropa, of yn alle gefallen de folle lytsere rol dy't nasjonale bestjoerders wrâldwiid op 'e gong fan saken hawwe, ek noch wol mei. Want mei de struktuer en de organisaasje sitte wy as tsjerke noch fêst oan dy steat, en mei de tsjerketsjinst sa't wy dy no wend binne en dy't yn wêzen hielendal sa âld net is, sitte wy fêst oan de ferieningsstruktuer fan 'e 19de ieu. En dêrom dat ik doar te sizzen, en dêryn bin ik de iennichste net: dat wurket net mear, want minsken wolle net mear sa. Ik kin hjir wol in tsjerketsjinst hâlde, en ik kin it wol dwaan yn 'e sûpkeet fan Hartwert, en beide kearen is dat goed en sinfol en fynt elk it nei ôfrin moai. De tsjerketsjinst sa't wy dy kenne, is in goed konsept. Mar it giet der net om oft it konsept al of net goed is, it giet derom oft de tsjerke dêrmei yn 'e mienskip funksjenearret. En it grutte punt is: dat is net mear sa. De minsken dy't dêrfoar komme, dy't foar soks byinoar komme en derhinne wolle, foarmje al in hieltyd lytsere groep. Mar de minsken dêrbûten lit dat kâld, en dat sjoch ik net feroarjen. Dat sil de tsjerke hjir bliuwe, dan sille wy dingen dwaan moatte dêr't minsken al foar komme wolle, dêr't se waarm foar rinne. En sa't de tiid fan no ús leart wat de minsken net mear wolle, sa leau ik ek dat de skiednis fan 20 iuwen ús leare kin wat de minsken al wolle, en wêr't wy yn alle gefallen rekken mei hâlde moatte sil in foarm kâns fan slagjen hawwe.

Alderearst leau ik dan, dat wy akseptearje en honorearje, omearmje hjit dat tsjintwurdich, dat ús mienskip bestiet út allegear lytse mienskippen, dy't allegear har eigen menier fan meinoar libjen hawwe, en dy't allegear oer har eigen dwaan en litten sels wat te sizzen hawwe wolle. Dat is hjir no ien kear de menier. Ik sjoch dat oan 'e fiif of seis doarpen dêr't ik as domeny wurkje. Yn elk doarp binne in tal saken, dêr moatte jo net oan komme. Just oarsom, dêr krije jo as tsjerke de kâns om de minsken te reitsjen en om der foar de minsken te wêzen. Koesterje dy mominten, en melk se út. Dat kin wêze in wichtige sportwedstryd, in weromkommend mesykbarren, tredysjes om Kryst of Peaske hinne, of just de lytse byienkomsten fan bid- of tankdei of Aldjiersjûn, it kin wêze in doarpsfeest, in unike lokaasje dêr't de minsken graach ien of twa kear yn 't jier komme, de skuorreed fan in boerepleats, it stee fan in âld kleaster of state, in haven, in dyk. Elke mienskip hat syn hillige plakken en tiden, en dêr moat de tsjerke him mei ferbine.

Dat betsjut dus yn it twadde plak, dat de tsjerkegebouwen yn 'e doarpen safolle mooglik bliuwe moatte. Want dy gebouwen lizze hast altyd op 'e plakken dêr't 1500 jier lyn ek bidden en songen waard en dêr't de minsken byinoar kamen yn tiden fan freugde, fertriet of gefaar. Foar dopen en trouwen, foar ôfskied en útfeart moatte dy tsjerken beskikber bliuwe, want op sokke mominten wolle de minsken dêrhinne.

Tred: it aparte en it frije dat ta utering komt yn in eigen taal - ek as dat Stellingwerfsk of Biltsk of eilanner Frysk is - heart in plakje te krijen yn 'e byienkomsten fan 'e gemeente. Dy byienkomsten moatte ek trochgean, al sil de skaal dan faak folle lytser wurde. In pear kear yn it jier moate jo as tsjerke útpakke, jo prissentearje oan it doarp op 'e menier dy't by dat doarp of by dy buert past, en jo moatte de doar ek iepen dwaan kinne op 'e mominten dat dêr ferlet fan is. Mar it grutste part fan 'e tiid sille jo as tsjerke tefreden wêze moatte mei lytse ploechjes minsken dy't ynspirearre wurde troch wat yn wêzen altyd in frjemd boadskip bliuwe sil. Dat frjemde boadskip sille wy op ús eigen menier oan elkoar trochfertelle moatte. Dat is net yn 'e taal dy't wy ferplichte op skoalle leare, mar yn 'e taal dy't wy yn ús hert prate wolle - en dat wy dat wolle is dúdlik, oars wiene wy der allang mei opholden. Dêr heart ek it sjongen by. Lit ús net ferjitte, dat de tsjerke ien fan 'e lêste plakken is dêr't minsken noch meinoar sjonge, as se net op in koar geane. Lit ús dat sjongen dan ek op ús eigen menier dwaan. Sjoch nei de iepenloftspullen, en de opera, sjoch nei de popgroepen en de trûbadoers, sjoch nei Wiebe Kaspers hjirre, en net yn it lêste plak nei musicals en liturgyen lykas dy fan Hindrik van der Meer - harren súkses is ûntinkber sûnder de klank en it gefoel fan Fryske wurden. Dat gefoel sille wy ek yn tsjerke talitte moatte. En yndied, dan hat de

tradisjonele Fryske beweging wol gelyk, dat soks ûnmooglik is as minsken net flot Frysk lêze en skriuwe kinne. Noch altyd libje wy yn in tiid, dat it oan it eigen inisjatyf fan 'e minsken oerlitten wurdt, oft se dat al of net leare wolle, wylst elk bern yn Fryslân teminsten tolve jier lang safolle oeren wyks les krije moatte yn it Hollânsk, en dy tiid moat wier in kear ôfrûn wêze. En wat ek ôfrûn wêze moat, is dat wy tsjin nijkommers lykas de flechtlingen no wer foarhâlde dat se 'de taal' leare moatte. 'De taal' hawwe wy hjir net: dit hat altyd in lân fan mear talen west, yn alle gefallen al 500 jier lang. As wy minsken foarhâlde, of elkoar fertelle, dat se 'de taal' leare moatte, lige wy se tefoaren en slute wy se pas werklik bûten. En dat mei de bedoeling net wêze.

Want yn it fjirde plak is it sa: de bân mei de wrâld om ús hinne wolle wy net kwyt, hawwe wy nea kwyt wollen. Wy moatte dus ek net nei in tsjerke ta dy't him ôfslút fan 'e rest fan 'e Protestantse Tsjerke. Just oarsom. Ik wit net, hoefolle ferlet fan en jild foar profesjonele foargongers oft der aansen noch wêze sil, en ik haw dêr wol myn soarch oer. Mar ik wit wol: wat by ús past, is dat wy ús foargongers sykje út hiele Nederlân wei, en dêrbûten. Protestantse predikanten, meniste foargongers, anglikaanse pastoars en prysters fan 'e Roomsk-Katolike Tsjerke yn dizze lannen moatte út te wikseljen wêze tusken alle mienskippen dy't hjir it ferhaal fan it Evangeelje geande hâlde wolle. Dat wol net sizze dat alle tsjerklike mienskippen yn ien organisaasje en neffens ien reglemint bestjoerd wurde moatte. It betsjut just, dat elke mienskip syn eigen tsjerke safolle mooglik neffens eigen ynsjoch beoarderje kin, mei in pear sintrale ôfspraken oer dopen, nachtmiel en it wurk fan 'e foargongers, en fierders sa sterk mooglik pleatslik organisearre. Twa lytse tsjerken yn ien doarp kin echt net mear. En lit ús dêrby de menisten ta foarbyld nimme. Dat dy minmachtiger wurden binne wol ús noch wolris ferjitte litte, hoe'n revolúsjenêre rol oft se spile hawwe op tsjerklik mêd yn 'e grutte skiednis. Hja wiene de earsten, en dan rymt dat dochs wer hiel bot op 'e skiednis dy't wy niis sa fluch trocheiden, dy't nei de Roomsk-Katolike Tsjerke in wrâldwide tsjerke opsetten hawwe, of leaver sein: in nij tsjerketype, dat yn in wrâldwiid netwurk feriene is. Dat is de kalvinistyske en luterske tsjerken nea slagge, omdat dy har altyd yn 't foarste plak oan in steat ferbûnen. De menisten foarmen it earste wrâldwide netwurk fan tsjerken sûnder sintraal gesach, en dat is presys wat oanslút by hoe't wy hjir yn 'e wrâld steane.

En as lêste, fyft, mar as wichtichste: de ynspiraasje foar it deistich libben, de wei nei de God en Heit fan ús allegearre, it boadskip fan goed en kwea, bliuwt in frjemd lûd dat ús hieltiten wer fan bûtenôf besiket te berikken. Wy moatte it dus net nuver fine, as dat yn lytse groepkes ferteld wurdt, en hieltiten op 'en nij wer útfûn wurdt wat it konkreet foar ús, hjoed en hjirre betsjut. Mar yn dizze dagen hat dat al te krijen mei watfoar hân oft wy útstekke nei minsken dy't slachtoffer binne fan bûtenspoarich, al of net religieus ynspirearre geweld, yn of bûten Europa. En sa kom ik op in réaksje dy't ik krige fan ien dy't noch út 'e earste hân fan minsken heard hat wat de Twadde Wrâldkriich hjir betsjutten hat, ien dy't de ferhalen oer terreur en besetting en eangst en ferset heard hat fan 'e minsken foar wa't dat réaliteiten west hawwe. Hy skreau my: Domeny Westra, wês dochs bliid dat jo yn frijheid alle sneinen de tsjerkedoar iepen sette kinne, want der binne plakken, dêr binne de lju har libben net wis as se in tsjinst bywenje. En dêr hat er gelyk oan. Allinnich, ik kom derop werom, ik kin wol yn alle frijheid de tsjerkedoar iepensette, mar de tiid komt deroan dat der net ien mear troch dy doar stapt om in tsjinst by te wenjen. Dan sis ik: lit der oare doarren iepenset wurde, mooglik wol fan húskeamers yn 'e doarpen of de buerten, en lit dêr minsken by elkoar komme om meiinoar te dielen wat God foar har betsjut, en hoe't se dat blike litte kinne yn har eigen mienskip. Kom mar gewoan byinoar om in bakje kofje of tee, stek in kears oan, lês in tekst of sjong in liet, en gean fierders benammen nei: wêr is ús help nedich, en wa moat mooglik omtinken hawwe? Wat ferhevener sein: wêr soe God ús dizze wike hinne hawwe wolle?

En dan kin it bêst sa wêze, dat dat geweld, al of net religieus legitimearre, noch mear dizkant út komt, en dat wy der direkt mei te krijen hawwe sille. Just dan giet it derom, dat der minsken binne dy't de moed hawwe om doarren iepen te setten en nei it ferhaal fan 'e Bibel te harkjen. Want alle terreur om ús hinne hat mar ien doel: bange minsken meitsje, want bange minsken kinne jo oeral krije dêr't jo se hawwe wolle. It boadskip fan 'e Bibel is just hieltiten wer: Wês net bang! As wy dat as tsjerke yn 'e mienskip heechhâlde kinne, dan binne wy der net fergees. En dêrom wol ik no elk freegje dy't dat kin om stean te gean, en de slachtoffers fan it geweld fan fannacht yn Parys

yn in amerij fan stilte te betinken.

Ik slút ôf. Ik doch dat mei in byld en mei in tekst. It byld is dat fan 'e klaproazen. Ik wit net wat se betsjutte, mar se binne al of net troch stjoeren fan in hegere macht op myn paad kommen no't ik dizze lêzing hâlde soe. Dy efterste roas, giet dy ticht, of just iepen? Binne de roazen foarmen fan tsjerke, dy't komme en geane? Is it read yn tsjerke just net de kleur fan 'e Hillige Geast? Of binne it gewoan klaproazen? Nee: nei 1914-1918 binne der gjin gewoane klaproazen mear. Nei jierrenlang oarloch en moarderij wiene guon stikken grûn yn Flaanderen sa slim fergiftige, dat dêr hielendal neat mear op waakse woe, op inkeld de klaproazen nei. Faaks wiist dit skilderij hjir wol op, dat ús maatskippij gefaar rint om sa slim tamtearre en fernield te wurden, dat inkeld de tsjerke noch bloeie kin - en dêrom bloeie moat.

En dan in tekst, in liet. In pear wike tebek wie ik by in optreden fan Piter Wilkens yn it ramt fan it projekt Libbene Stienen fan 'e Stifting Alde Fryske Tsjerken. Hy song dêrby ûnder oare dit sankje, dat hielendal oanslút by de tinzen dêr't ik doe al mei omrin mei it each op hjoed.

Op 'e grins fan lân en wetter
ûntstie in fruchtber lân
dat luts minsken oeral wei
fan oer de see of fan it sân.

En sy bleaunen hjir te wenjen
want it lân joech hieltyd mear
en ek al wie de see noch baas,
dat tij, dat naam gjin kear.

Sy leinen oeral terpen
mei op it heechste plak in toer
dêr koenen sy altyd skûlje
foar de krêft fan de natoer.

En sy hienen elkoar nedich
buorman wie in freon
en sy neamden harren Friezen
en dy namme, dy is bleaun.

En de wrâld wie wiid en de wrâld wie njoer,
mar oeral om dy hinne seachst in tsjerketoer.

Dizze boeren, dizze fiskers
bleaunen fjochtsjend tsjin de floed
dat wie net sûnder gefaar
mar hjir libje wie dochs goed.

En letter kamen diken
weters rekken grien
terpen waarden doarpen
mei tsjerken boud fan stien.

En de wrâld wie wiid en de wrâld wie njoer,
mar oeral om dy hinne seachst in tsjerketoer.

It bliuwt in plak fan gearkomst

in skûlplak, sûnder mis
en do bist der altyd wolkom
wat dyn leauwen ek mar is.

Wêr ast no ek ek bist yn Fryslân
en do sjochst it fjild wat oer
oeral as in beaken ...
sjochst in tsjerke mei in toer.

En de wrâld wie wiid en de wrâld wie njoer,
mar oeral om dy hinne seachst in tsjerketoer.

Ik hoopje dat de tsjerke yn dit lânskip, diel fan 'e mienskip en ferbûn mei de wide wrâld, oanwêzich
bliuwt as in libbene stien. Tankewol.